



Ons Friese Platteland, 19 december 1963  
I.J.K. Tamminga

### Brân 100 jier lyn.

Dit Wurdt in famyljeforteltsje, sa't elts, dy fan 100 jier tobek bigjint it mei hwat fariaesje wol meitsje kin. Faeks tinkt de redakteur wol: "Dit is it printsjen net wurdich". Dan bikoart hy it mar en lit it yn 'e pompierbak fladderje. Dan hat Praktyske Hulp der noch hwat oan en ik allinne it nocht, skriuwend me myn tinken in amerij by myn foarâlden to wêzen.

It wie ein augustus 1863. If jongfolk to Boksum fortrape him yn 'e joun hwat yn 'e buorren.

Sjoch, dat ut nei Marsum is brân!

Fan it tsjerkhôf ôf hiene hja der goed sicht op.

It feegde nochal oan. Grif in pleats.

Hwer soe dit nou wêze? Sa to sjen tusken Marssum en Ljouwert. Op it Ljouwerter Nijlân stiene 5 pleatsen.

Fierder, nou dan moasten jo hast oan Stiens ta.

Sa fier wie it grif net.

Hja hienen noch gjin fytsen. Lykwols, de dyk oer de Syl wie noch net bipune, dus: it waerd ûnder de hân tsjuster, dan foel it noch net mei.

Wie de dei foarhannen, men soe even in hynder ophelje kinne. Mar nou foar de nacht, it dôve ek al, it spul leit grif al plat. It is moarnier wer bitiid dei. We geane op bêd jonges. Yn 'e hûs seinen se: It is grif in pleats op it Ljouwerter Nijlân.

Karst IJtsens, krekt 17 jier wurden, wie ek by de kloft. Hy hat him ek deljown en grif net dreamd, dat dizze brân foar him en syn neiteam fan great gewicht wêze soe.

It kaem al sa út. It wie de pleats fan Durk Wybrandy op it Ljouwerter Nijlân. It tinken wie, it soe wol heabroei west ha.

Neffens âldere minsken wol in griis. In mânsk spul en winliks noch nij, hwant de âldsten wisten: sa'n hoartsje foar de Frânske tiid wie deselde pleats ek ôfbarnd.

Ut it tinkboek fan 'e Wurdumer brânkast, nou de O.B.A.S., útjown by it 125-jierrich bistan, blykt dat oan Wybrandy oan skea útkeard is f 9.069.

Dit wie bûten de huzinge. It wie dus foar hea, ark en hûsrie. Hjoed-de-dei bin je ringen op dit bidrach, mar doetiids rekkene it net sa hurd foart. Hwerby kaem, dat immen, dy by Wybrandy as feint wenne hie my wist to fortellen dat hy altyd tige krap hea hie.

In dochter hat my forteld, hja wie trije jier en amper út 'e brân kommen.

De opbou fan 'e pleats gie net flot. Tusken de eigner en de hierder kamen tûkelteammen, fan gefolgen: de pleats rekke los.

De pleats derneist wenne yn't foaren in broer, Foppe Wybrandy, op. Dy wie yn '60 ophâlden en de pleats hie yn 'e krante stien. Benjamin Kroodsma wenne ek op it Nijlân. De oansteanen fan twa fan syn dochters skreauwen der op en it pakte sa út, dat de eigner Kroodsma ûntbea en meidielde, hy hie in twatal makke en wol dizze beide jonge mannen. As Kroodsma nou mar sizze woe hwa't hy tochte, hwa't him ha moast. Dizze hie leaver dat mynhear sels de kar mar die, en doe waerd Rinze Gerrits Miedema, dy't mei dochter Antsje trouwe soe, de lokkige. De oare, Fokeltsje, forlove oan Jacob Tjisses de Boer (pake fan âld minister Jacob Algra) hat 4 jier letter in spul krige to Tsjaerd ûnder Wurdum.

En nou de ôfbaernde plaets. Doe 't fêst stie, dat syn buorman fuortgie, kloarke Kroodsma ris mei de eigner en krige klear, dat syn dochter Grytsje, trouw mei Meile, in broer fan Rinze Miedema, dy't to Birdaerd wenne, yn '64 op it nije spul kaem. Kroodsma syn beide dochters waerden syn neiste buorlju.

Doe't de nijboer in skoftsje der wenne hie, krigen se hwat in nuver trelit.

De faem, in bytsje in sjit-yn-'t-sop, sil ta de foardoar út, en sa sil yn itselde amerij in man fan bûten wei ek troch de doar.

De faem wurdt sa kjel, dat se klapt de doar ticht en strykt de skoattel der op.

"O frou, der is sa'n rare keardel en dy wol der yn."

Mar sa kaem dy "rare keardel" foar it rût.

“Mar bern, dat is de lânhearre”, en de frou as de blinder de doar iepen.

It earste hwat mynhear sei wie: “Waar is die malle meid?”

Mar die “malle meid” wie yn gjin fjilden en wegen mear to finen.

Nou moat al sein wurde, dy mynhear moat al hwat in aparte forskining west ha. Faek hwat frjemd yn it habyt, moai foars, in rounne troanje mei nuver stoppellburd. En dy soe sa mar troch de doar stappe en stie dan ek sa midden yn 'e tsjern harne, hwant er wie gjin gong of sahwat hinne. Jo foelen fuort mei de doar yn 'e hûs, dat it gong dy faem ta de teannen út.

Nou is Grytsje Kroodsma my altyd biskreaun as in birette, flotte en dochts sêftaerdige frou, dat dy sil it wol mei mynhear ploaid ha, mar der wie noch gjin hierbiskermingswet en it koe mei dy lânjonkers en baronnen faek in kromke lije:

Kening Willem III soe in riderij hâlde troch Ljouwert en doe smiet in kweajonge in rotte appel yn 'e vigilante, dat de kening loste de hiele riderij ôf.

In tige bêst bikend staande lânhearre hie yn syn hierkontrakten gjin hea op 'e bûthûssolders.

Fanwegen heabroei hie in boer út need tydlik in protsje hea op 'e lyts bûthûssolder. Ungelokkich komt mynhear mei de birêdder en it is it earste, hwat er sjocht. Hy woe net fierder. As de jierren út binne: fan 'e pleats! De birêdder, dy't it my sels forteld hat, al pleitsje, mar gjin forwin.

Immen, dy't yn in slotsje wenne, woe perfoarst ha: elts dy by him kaem, moast sa fan in bipaelde kant by de poarte komme. Elts wist dat en hâldde him der oan. Mar ien fan 'e boeren, hwat hastich, forsinde him, naem it koartste paed foar mynhear syn glêzen lâns en krige de boade: as de jierren út binne, fan 'e pleats! It hat hwat drige, mar is wer klear kommen.

En dochts, foar doarp en boeren in bêste man. Sokke lju koene har gau misledige fiele.

Durkje, de jongste fan Meile Miedema, wie 7 jier, doe't dit him ôfspile. Hja makke it mei en koe it sadwaende letter fortelle.

Hja wie noch net nei skoalle. It skoalgean levere to Ljouwert tûkkelteammen op. Foar har broer en âldere susters hienen to Birdaerd de swierrichheden minder west. We makken nou de stoarje yn Sélan mei. Durkje har heit hie ek biswier tsjin it intsjen. Yn Birdaerd slûpten se der noch wol troch. De masters te Ljouwert wiene der ek net sa fûl op, mar hjir wie de kontrole stranger.

It wie hwat in nuver spul. De biswerren hienen it folste rjucht de bern thús te hâlden. Dat wie noch sa, doe de leerplichtwet der wie. Mar dan biswierre it harren dat de beam neat learden. Sa sieten se winliks altyd fout. Hwant nou gongen, en dat lokte bitiden, de bern tomûk nei skoalle. Sa ûntdûkten hja de wet.

Meile Miedema kaem fan hûs út út Blessum. Yn 'e maimoanne fan 1863, doe't yn augustus syn takomstige pleats ôfbaerne soe, wie syn heit, Gerrit Jans Miedema, stoarn.

Yn Birdaerd hie it hwat swier buorkjen west. Gerrit Jans liet syn 9 bern f 60.000 nei. De f 6700 erfskip joech hwat moed it frij greate spul to Ljouert oan to gean.

To Ljouwert gie it goed. Fan 1864 oant '76: 12 opeande jierren. Underwilens waerden de bern great. Sippe Wesbonk slachter, koumelker en molke-sutelder oan de Spanjaerdsleane, kocht fan Meileboer wolris in fette kou en it hantsjeplakken mei de heit laette ta hantsjeplakken mei de âldste dochter.

De famylje wenne yn 'e omkriten fan Boksum en Blessum en der útfanhuzen de oare beide famkes uteraerd. En nou is it neat nuver, dat hja der manlju weikrigen. Lieuwe Tamminga lei it al gau mei Sare oan. Syn âldere broer Karst makke it him mei de froulju net sa drok. Mar doe't it jongere suske Durkje by syn âlden wolris oer hûs kaem, barde hwat nimmen tocht hie: wylst hy de 30 yn't sicht hie, sloech hy it famke fan noch gjin 20 oan 'e heak.

Boer Meile rekke to Ljouwert drok yn it tsjerkewurk. It waerd mei syn frou Grytsje hwat sukkeljen. Hja koe it wurk, it âlde hânwurk fan bûttermeitsjen net mear oan en ien mei oar, hoewol noch mar 53 jier, hy die yn '76 it spul oan syn jontgste dochter en har man oer. Karst gie nei de pleats dy't hy as jonge fan 17 jier baernen sjoen hie.

De jonge boerinne koe it wurk wol oan. Hja hat har 21 jier op it bûtermeitsjen biflitige. Yn 1896 waerd de reed bipune.

Yn '97 kaem it Ljouwerter fabryk en doe koe dêr de molke hinne.

Troch forervjen wie de pleats in Eysinga-pleats wurden. Jhr. mr. I.F. Humalda van Eysinga wie wiis mei syn Ljouwerter pleats. Hy brocht in stien yn 'e foargevel oan, hwerop mei kapitale letters “Groot Humalda”.

By Meile Miedema tsjinne letter in faem. Dy liet har de kaert lêze. Hja kaem tige oerémis thús. In sweager, Hans Kroodsmá, wie thúskomd út Amerika. En, sa forhelle de faem, der seit my dat âlde wiif: “Dou wennest op in pleats, dy is twa kear ôfbaernd en de tredde kear sil noch komme. De famylje fan dyn boer is wakker bliid, hwant der is ien thúskommen út in frjemd lân, mar hy giet wer fuort.”

Mar, sa wie it bislút: ik wol hjir to mæiije wei, hwant ik noedzje dy brân net.

Hwat Hans Kroodsmá oanbilanget, de kaertlizster hat gelyk krige. Hy is wer fuorttein.

En de tredde brân: de faem hie foarhans wol bliuwe kind, mar ek dizze profesij is neikommen. Yn 1942 ha de Ingelsken “Groot Humalda” yn 'e brân sketten.

POARTEBOER